



# **BÊD, BAD EN BÔLE**

**(Bed, Bad en Brood)**

**In klucht yn fjouwer bedriuwen**

**fan**

**ANNE TERWISSCHA**

**Fryske oersetting fan**

**Griet Reitsma-de Jong**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **BÊD, BAD EN BÔLE – BED, BAD EN BROOD** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ANNE TERWISSCHA** en vertaler: **GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 **Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

**E-mail: [rechten@toneelfonds.be](mailto:rechten@toneelfonds.be). Telefoon (03)3.66.44.00,**

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**Jannelies** – behearder fan de dakleaze-opfang (f/m)

**Cora** – har helpke (f/m)

**Rob** – dakleaze (m); hat altyd in tichte skuondoaze by him

**Pim** – broer fan Cora (m)

**Astrid** – freondin fan Pim (f)

**Van Dijk** – gemeente-amtner (m/f)

**Eduard** – assistint van Van Dijk (m)

**Margot** – suster fan Jannelies (f)

## **DEKOR:**

Op it toaniel stean trije bêden. Rjochts is de útgong nei bûten. Links is in doar nei de dûs en wc's. Achter is in útgong nei de keuken en it kantoar fan Jannelies.

Op it toaniel stiet in itenstafel mei in pear stullen en in kast foar it servys. Fierdere oanklaaiïng nei eigen ynsjoch.

## EARSTE BEDRIUW

*(By de útgong stiet in winkelkarre mei swalkersguod; Rob leit yn it linker bêd en snoarket; Jannelies en Cora komme fia rjochts op)*

**JANNELIES:** Goemoarn allegear. *(sjocht om har hinne)* Och, it is fansels allinnich Rob. *(hy snoarket)* Hearken, wat snoarket dy. Noch in gelok dat hjir gjin oare dakleazen binne. Dêr kin in mins toch net by sliepe? *(Rob snoarket)* Mar no moat er wekker wurde. In nije dei wachtet.

**CORA:** Sil ik it mar dwaan, Jannelies? Do witst hoefolle muoite it altyd kostet.

**JANNELIES:** Nee Cora, meitsje do it moarnsiten mar klear. Ik rêd my wol mei Rob. Hy falt my net oan, wol?

**CORA:** Nee, mar dat skeelt oars altyd mar in ferrekt lyts bytsje. Sukkses. Ast help noadich hast, dan hear ik it wol.

*(Cora ôf fia achter)*

**JANNELIES:** *(sjocht twiveljend nei Rob)* No, dan moat it mar. *(skoddet him mei útstutsen earms wekker)* Wekker wurde, Rob. *(Rob slacht woest om him hinne en jout in gjalp)* Kalm oan, Rob. Ik bin it, Jannelies.

**ROB:** *(giet rjochtop sitten)* Hin? Wêr bin ik?

**JANNELIES:** Do bist yn 'e dakleaze-opfang, krekt as altyd.

**ROB:** Myn guod? Wêr is myn guod?

**JANNELIES:** *(wiist nei de winkelkarre)* Alles leit dêr.

**ROB:** *(giet op it bêd sitten)* No, net alles. *(pakt syn doaze ûnder it bêd wei)* Sommige dingen hâld ik it leafst sa ticht mooglik by my.

**JANNELIES:** Hee Rob, ik soe toch graach in kear sjen datst net mei de klean oan op bêd lizzen giest. Hingje se gewoan yn 'e kleankast. Yn dyn klean sliepe is net sa fris.

**ROB:** Dat kin wol wêze, mar as hjir no brân komt, wat moat ik dan? Ik haw dat al ris meimakke, witst noch wol? Doe stie ik midden yn 'e nacht yn allinne in ûnderbroek op 'e dyk. Letterlik. Alles kwyt. Dat gebeurt my net noch in kear. As de boel hjir ôfbrânt, haw ik myn klean yn elk gefal noch wol.

**JANNELIES:** Ja ja, it is al goed. Gean no mar dûsen. Cora makket de bôle klear. *(Rob komt oerein en nimt de doaze en syn skuon mei nei de dûs)* Rob, moat dy doaze ek mei ûnder de dûs?

**ROB:** Witst mar noait wat der oars mei gebeurt. Ik hâld him graach yn it sicht.

*(Rob ôf fia links; Cora op fia achter)*

**CORA:** Hast him wekker krigen?

**JANNELIES:** Ja, en diskear sûnder kleanskuorren.

**CORA:** Och, die Rob. It is ek sa'n pop. As er ien kear wekker is, teminsten. Hy treft it mar dat er as dakleaze hjir terjochte kin.

**JANNELIES:** Ja, foar sa lang it duorret.

**CORA:** Hin? Foar sa lang it duorret? Wolst dermei ophâlde?

**JANNELIES:** Nee, bist gek? Dit is myn lust en myn libben. Mar ik haw net in goed gefoel by dy gemeente-amtner dy't fannemoarn by my komt te praten. In menear Van Dijk. Dy namme seit my neat.

**CORA:** Prate? Wêroer? Dit pân is net fan de gemeente. Wy krije gjin sint subsidyje fan se. Of soe it dêroer gean? Dat se ús finansiere wolle?

**JANNELIES:** Haha, dat soe in grap wêze? De gemeente dy't út himsels oanbiedt om ergens jild yn te stekken. Mar nee, dat dogge se noait. En al hielendal net as se hearre dat Rob al moannenlang de iennichste is dy't wy hjir ûnderdak biede.

**CORA:** Mar dat hoege sy toch net te witten?

**JANNELIES:** Fansels net. Mar ik soe in stik gerêster wêze as ik witte soe wêr't sy it mei my oer hawwe wolle.

**CORA:** Wy krije toch al neat fan harren, dat wat kinne sy ús meitsje? Hoe erch kin it wêze?

**JANNELIES:** Miskien meitsje ik my wol drok om neat. Lit ús it hoopje. Ik sil der yn elk gefal foar soargje dat ik de administraasje klear lizzen ha, foar it gefal er dêr om freget. Wolsto alfêst de tafel dekke?

**CORA:** Fansels.

*(Jannelies ôf fia achter; Cora pakt servys en bestek út de kast)*

Ophâlde mei dizze opfang. Ik moat der net oan tinke. Wat moat ik dan?

*(Astrid op fia links)*

**ASTRID:** Goemoarn Cora.

**CORA:** Ha Astrid, wat bisto fleurich.

**ASTRID:** Ja, fynst dat frjemd? Hjoed sil ik nei jierren wachtsjen einlings offisjeel by dyn broer ynlûke.

**CORA:** Dat waard ek wol tiid, net? Wat hat dat lang duorre.

**ASTRID:** Fierstente lang. Ik hie dy stap al folle earder sette wollen. Mar ja, hy woe noait. Dat hoecht toch net sa noadich, sei er dan. Wy kinne toch ek fan inoar hâlde sûnder byinoar te wenjen?

**CORA:** O ja, dat herken ik wol. Pim is betiden in grutte skytsek.

**ASTRID:** Ik haw him gewoan foar it blok set. Of wy gean byinoar wenjen, of ik sykje in oare man.

**CORA:** Goede set. Doe koe er fansels net oars.

**ASTRID:** No, sels dêr moast er oer neitinke. Mar op it lêst joech er ta. Ik mocht einlings by him ynlûke.

**CORA:** Lokwinske. En is alles goed gien mei it ferhúzjen? Ik hie wol meihelpe wollen, mar ja, myn rêch..

**ASTRID:** Jout neat, dat wit ik toch? Juster is myn guod derhinne gien. Alles stiet no by him. Ik ha wol wat âlde rommel fan him fuordwaan moatten om plak te meitsjen. Dy man hat beslist gjin smaak.

**CORA:** No dat falt wol wat ta, hy hat dy ommers ek útsocht..

**ASTRID:** Haha, dat wol, ja.

**CORA:** No, wolkom yn 'e famylje. Fiere jim it hjoed ek noch?

**ASTRID:** Dat soe ik wol wolle, mar dan moat ik earst witte wêr't menear sit. Hy naaide fannemoarn ynienen út. Dêrom kaam ik hjir ek, ik tocht miskien is er wol by dy.

**CORA:** Nee, ik haw him net sjoen. Moat ik dy helpe te sykjen?

**ASTRID:** Lit mar, hy komt grif wol wer boppe wetter. Ik sil no earst de kaai fan myn âlde hûs ynleverje. Dan is dat mar klear.

**CORA:** As ik Pim sjoch, dan sis ik wol datst him sikest.

**ASTRID:** Is goed. Dankewol en oant gau.

*(Astrid ôf fia rjochts)*

**CORA:** Sa'n leuke frou, dy Astrid. Fierstente goed foar Pim. Hy soe

in skop ûnder syn kont hawwe moatte dat er har sa behannelt.  
Miskien dat ik as syn suster dy taak op my nimme moat.

*(Margot op fia rjochts)*

**MARGOT:** *(sjocht wat ûnwennich om har hinne en sjocht Cora)*  
Goemoarn.

**CORA:** Goemoarn mefrou. Hawwe jo jo fersind?

**MARGOT:** Fersind? Wêrom tinke jo dat?

**CORA:** It liket krekt as binne jo op syk nei de ytseal fan in sijk hotel.  
Dan binne jo hjir ferkeard. Dit is de dakleaze-opfang.

**MARGOT:** Dat treft. Dêr moat ik just wêze.

**CORA:** O, mefrou wol in fergees moarnsbrochje meipikke?

**MARGOT:** Nee, nee, dat is it net. Ik haw al iten.

**CORA:** Of komt mefrou hjir om in lekkere fint op te pikken?

**MARGOT:** Brr, it idee allinnich al. Nee, ik bin hjir foar myn suster  
Jannelies. Sy wurket hjir, is 't net sa? Jammer genôch, moat ik  
sizze.

**CORA:** Binne jo in suster fan Jannelies? It is net wier! Hawwe jo in  
momintsje, dan rop ik har even. *(doar achter iepen)* Jannelies,  
dyn suster is hjir. Se wol even mei dy prate. *(even stil)* Ja, sa'n  
opferve toatebel. *(rint werom nei Margot)* Se komt deroan,  
mefrou.

*(Jannelies op fia achter)*

**JANNELIES:** Margot! Dat ik dy hjir nochris oantrefte soe. Wat bringt  
dy hjir?

**CORA:** Miskien siket mefrou ûnderdak?

**MARGOT:** Ik moat der net oan tinke! Tink dy ris yn dat ik de nacht  
hjir trochbringe moatte soe!

**CORA:** It spyt my dat it hjir net it Hilton is, mefrou. Mar ja, it is op 't  
lêst in needfoarsjenning, hin?

**JANNELIES:** Helje do oars even de bôle en it guod foar op bôle. Dan  
praat ik wol even mei myn suster.

**CORA:** Okido. Mar tink om har, hin? Ik ken dat soarte fan types. Fielt  
har oeral te goed foar, mar wol wol graach alles fergees krije.

*(Cora ôf fia achter)*

**MARGOT:** Wa is dat yn 'e goedichheid?



**JANNELIES:** Dat is Cora, myn help yn dizze dakleaze-opfang. Se hat wat in grutte mûle, mar in hert fan goud. Moatst har even kennen leare.

**MARGOT:** No, leaver net.

**JANNELIES:** Mar wat dochst hjir? Is der wat erchs gebeurd? Alles goed yn de famylje?

**MARGOT:** De famylje mankearret neat, mar der is wol wat erchs gebeurd.

**JANNELIES:** Wat dan? Kin ik dy helpe?

**MARGOT:** Do wurkest yn in dakleaze-opfang. Dat is wat erch is. En do kinst my helpe troch in baan te akseptearen dy't ik dy oanbiede wol.

**JANNELIES:** O, is dat het? It âlde ferhaal? Wannear hâldst dêr no ris oer op? Hoe faak moat ik noch sizze dat ik hjir hielendal gelokkich bin?

**MARGOT:** Gelokkich? Hjirre? Dêr't swalkers mei luzen komme?

**JANNELIES:** It binne gewoane minsken, Margot. Krekt as do en ik. Minsken yn need. En hjir jouwe wy dy minsken de help dy't se noadich hawwe. Bêd, bad en bôle.

**MARGOT:** Dat is hiel nobel fan dy, mar moatst dat beslist dwaan? Is dêr net in oar foar te finen?

**JANNELIES:** Wêrom soe ik dat net dwaan?

**MARGOT:** Omdatst dêr te goed foar bist! Do hast safolle talinten. Yn in oare baan soest folle better ta dyn rjocht komme.

**JANNELIES:** En wat foar baan soe dat dan wêze moatte?

**MARGOT:** No ja, tafallich is der by my op de ôfdieling in fakatuere foar in assistint fan de beliedsmeiwurker. En doe tocht ik fuort oan dy.

**JANNELIES:** De assistint fan de beliedsmeiwurker. Lit my riede. Do bist dy beliedsmeiwurker?

**MARGOT:** Yndied, moatst ergens begjinne, is 't net sa? Dit is in gouden kâns foar dy, Jannelies. Kinst hjir einlings wei!

**JANNELIES:** Mar ik wol hjir net wei!

**MARGOT:** Dat mienst net.

**JANNELIES:** Dat mien ik wol. Ik hâld fan dizze opfang, Margot. Ik

hâld fan de minsken dy't wy hjir helpe kinne. Harren tankberens jout my folle mear foldwaning as in baantsje by de gemeente dêr'tsto sitst.

**MARGOT:** Do witst net watst seist.

**JANNELIES:** Dat wit ik wol. Akseptearje it gewoan, Margot. Do bist gelokkich mei dyn baan as beliedsmeiwurker by de gemeente en ik as behearder fan in dakleaze-opfang. Probearje dat no net te feroarjen. Dat hat gjin inkelde sin.

**MARGOT:** Dat seist allinnich mar om't dit it iennichste weareldsje is datsto kenst. Ast ienkear by my wurkest, dan fregest dy ôf hoe'tst it hjir oait folhâlde kinnen hast. Witst dat ik gefaar rin troch dy dizze baan oan te bieden? Ik moat de skyn fan freontsjespolytk foarkomme.

**JANNELIES:** Dat wurdearje ik, mar dêrom hoech ik dy baan noch net te akseptearen. Dit is de baan dy't by my past, krekt as dat de baan fan beliedsmeiwurker by dy past. Wy dogge beide wat dêr't wy goed yn binne. Ik soe dyn baan net oankinne en do dy fan my net. Sa simpel is 't.

**MARGOT:** Ik soe dyn baan net oankinne? Ha, tochtst dat? Wat is dêr sa muoilik oan?

**JANNELIES:** Muoilik? Neat. Mar do hâldst it hjir noch gjin dei fol.

**MARGOT:** O, tinkst dat?

**JANNELIES:** Dat wit it seker.

**MARGOT:** Lúster Jannelies, asto hjir de boel draaiende hâlde kinst, dan kin ik dat ek. En wierskynlik noch better ek.

**JANNELIES:** O, tinkst dat?

**MARGOT:** Dat wit ik seker.

**JANNELIES:** Hâldst it noch gjin dei fol, sis ik dy. Dêr doar ik alles ûnder te ferwedzjen.

**MARGOT:** O ja? Alles?

**JANNELIES:** Eh, by wize fan sprekken.

**MARGOT:** Ik krij ynienen in hiel goed idee. Asto toch sa seker fan dyn saak bist, dan haw ik in foarstel foar dy.

**JANNELIES:** En dat is?

**MARGOT:** Ik kom hjir in dei te wurkjen. Lit ús sizze, moarn. En as ik dat folhâld, dan akseptearrest de baan dy't ik dy oanbied.

**JANNELIES:** Dat rêdst net.

**MARGOT:** *(steckt in hân út)* Hawwe wy in deal?

**JANNELIES:** *(twifelt)* Eh.. dat soe ik sa gau net sizze wolle. *(Margot docht keakeljende hin nei; Jannelies skoddet har de hân)* Dan hawwe wy in deal. Mar ho, wat sit der foar my yn? Wat ast it net folhâldst?

**MARGOT:** Neam mar wat.

**JANNELIES:** Yn dat gefal wol ik datst my noait wer lestich falst mei fakatueres...

**MARGOT:** Ofpraat.

**JANNELIES:** ... en datst hjir in nacht sliepen komst.

**MARGOT:** *(skrikt)* Hjir?

**JANNELIES:** Ja, om ris te ûnderfinen hoe't it is om as dakleaze te libjen. No, wat seist derfan? Hawwe wy noch hieltyd in deal? Of bist no bang?

**MARGOT:** Bang? Ikke? Fansels net. Wy hawwe noch hieltyd in deal. Sille wy dizze ôfspraak op papier sette?

**JANNELIES:** Dat is goed. Kom mar mei nei myn kantoar.

*(Cora op fia achter mei bôle en wat guod foar derop)*

**JANNELIES:** Cora, mei ik dy foarstelle oan ús nije meiwurkster Margot?

**CORA:** Sy? *(begjint te laitsjen)* Dat mienst toch net?

**JANNELIES:** It is echt wier. Ik wol graach dat Margot moarn de hiele dei mei dy meirint en alle dingen docht dy't wy hjir dogge. Dus it wekker meitsjen fan de gasten, it moarnsiten regelje, de boadskippen foar it waarm iten helje en fansels jûns ek itensiede.

**MARGOT:** Ik sjoch der nei út, Cora.

*(Margot ôf fia achter)*

**CORA:** *(lûkt Jannelies werom)* Mar dat hâldt dy troela ommers noait fol.

**JANNELIES:** Margot mient fan wol, dus dat sille wy moarn dan wol meimeitsje.

**CORA:** Dan sille wy yndied wat meimeitsje. En wêrom wol se dit?

**JANNELIES:** It is gewoan in weddenskip tusken twa susters. En dat sille wy no bekrêftigje.

*(Jannelies ôf fia achter)*

**CORA:** In weddenskip. Hoe fine jim it út! En yntusken sit ik moarn moai mei dat mins opskipe.

*(Van Dijk en Eduard op fia rjochts)*

**VAN DIJK:** Goemoarn.

**CORA:** Leave santjin, noch sa'n stel. Jim miene echt dat it hjir it Hilton is, of net? As it mar fergees is. Ksst, derút jim!

**VAN DIJK:** Pardon mefrou, ik tink dat jo jo fersinne.

**CORA:** Dat liket my sterk. Ik herken in profiteur as ik ien sjoch.

**VAN DIJK:** Mefrou, ik bin Van Dijk, ôfdielingssjef Wenjen by de gemeente. Ik haw in ôfspraak mei de behearder. Binne jo dejinge dy't ik sykje?

**CORA:** *(skrikt)* De gemeente? Oeh, wat haw ik sein? Nee, de behearder is der net. Dy moat even bekomme. Se is deawurch. Wy hawwe krekt foar tsientallen dakleazen it moarnsiten klearmakke. Wat sis ik? It wiene mear as hûndert. It wie in gekkeboel, krekt as altyd. It is toch geweldig dat dizze opfang der is foar sokke minsken?

**VAN DIJK:** Mear as hûndert dakleazen, hin? En dy sliepe hjir allegear op dizze trije bêden?

**CORA:** O, se sliepe oeral. Op 'e flier, yn 'e keuken, yn de waskromte... Stroffelst hjir moarns oer de minsken. En dêr moatte wy dan ek noch de bôle foar smarre. Dêrom is Jannelies no ek sa wurch. Mar ik helje har wol even, hear. Kinst hjir ek noait even rêstich sitte.

*(Cora ôf fia achter)*

**EDUARD:** Hearre jo dat, menear Van Dijk? Mear as hûndert dakleazen. Dan is dizze opfang wol nuttich, of net?

**VAN DIJK:** *(jout Eduard in klap op syn holle)* Stommeling, snapst toch wol dat se ús wat op 'e mouwe spjeldet? Mear as hûndert dakleazen. Flean op, man. Sjochsto hjir ien?

**EDUARD:** Eh nee...

**VAN DIJK:** No dan. Nee, it is mar goed dat wy hjir kommen binne om te sjen wat hjir echt gebeurt. Dizze opfang kin wol ticht sa te sjen. Der is net ien dy't der gebrûk fan makket. Iderien hat in dak boppe de holle. En dat komt moai út.

**EDUARD:** O ja? Hoesa?

**VAN DIJK:** Om't it dan net erch is as wy de boel hjir slute. Tink dy ris yn hoefolle kommentaar wy fan de minsken krije soene as dizze opfang tichtgiet wylst der noch folop gebrûk fan makke wurdt. Mar as dizze opfang gjin nut mear hat, komme der ek gjin protesten as er tichtgean soe.

**EDUARD:** Mar wêrom wolle jo dizze opfang hjirwei hawwe? Der is ommers net ien dy't der lêst fan hat?

**VAN DIJK:** Om't de gemeente oare plannen mei dit pân hat, dêrom.  
*(jout Eduard wer in klap op syn holle)*

**EDUARD:** Hee, hâld ris op mei slaan.

**VAN DIJK:** Dit plak is hiel geskikt foar in warehûs dat in projektûntwikkelder bouwe litte wol. Se hawwe dêr al kontakt mei ús oer hân. Jammer genôch is dit pân it iennichste yn dizze strjitte dat net fan 'e gemeente is.


**EDUARD:** O nee? Fan wa is it dan? *(Van Dijk tilt syn hân op)*. Hee, net slaan!

**VAN DIJK:** Fan de wenningbouferieniging. Dat hat it yn al har goedens yn brûklien jûn oan de meiwurkers fan de dakleaze-opfang.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

“Samenspelen” is ons motto